

De Fryske taal

De Ryksoerheid en de Provinsje Fryslân wolle de Fryske taal beskermje en it gebrûk derfan útwreidzje. Dêrom is it Frysk, neist it Nederlânsk, erkend as in offisjele taal yn Fryslân. Ynwenners hawwe hjirtroch ûnder mear rjocht op it fak Frysk yn it ûnderwiis.

Beskerming Fryske taal

De Ryksoerheid erkent de Fryske taal as offisjele taal fia de [Wet Gebrûk Fryske taal](#) en ûnder diel III fan it [Europeesk Hânfêst foar Regionale of Minderheidstalen](#).

In taal kin ûnder 2 dielen fan it Hânfêst erkend wurde: diel II of diel III.

In diel III-erkenning leit de beskerming en befoardering fan in taal noch fierder fêst op beskate gebieten. Bygelyks ûnderwiis, kultuer, media, bestjoer, rjochtspraak, sosjaal-ekonomysk libben en ynternasjonale gearwurking. It Frysk in Fryslân is erkend ûnder diel III.

Beskerming Friezen as nasjonale minderheid

Yn Nederlân binne de Friezen erkend ûnder it [Ramtferdrach oangeande de beskerming fan nasjonale minderheden](#). De oerheid fynt it wichtich dat Friezen harren taal en kultuer trochgeand brûke. Taal is in wichtich ûnderdiel fan dat ferdrach.

Ofspraken Ryksoerheid en Provinsje Fryslân

It Ryk en de [Provinsje Fryslân](#) meitsje elke 5 jier ôfspraken oer it gebrûk fan de Fryske taal. Op 8 april 2024 is de sechsde [Bestjoersôfspraak Fryske Taal en Kultuer 2024-2028](#) ûndertekene. Dêryn steane 5 prioriteiten:

1. De sichtberens fan it Frysk;
2. digitalisearing fan it Frysk (bygelyks mei ûndertiteling by riedsgearkomsten en telefyzje-ûtstjoerings, en foarlêsfunksjes op websides fan de oerheid);
3. ûnderwiis yn en ûndersyk nei it Frysk;
4. taaloerdracht tusken generaasjes;

5. desintraal taalbelied.

Ut it Ryk wei is [€ 18 miljoen beskikber steld om de ôfspraken út te fieren](#), ûnder mear foar it opsetten fan een folweardige bachelor Frysk. 2 mbû's krije jild foar praktykrjochte ûndersyk nei it Frysk. En Fryske gemeenten kinne meertaligenskoördinatoaren oanstelle.

It ûnôfhinklike [Orgaan foar de Fryske taal](#) (DINGtiid) advisearret de oerheid en de Provinsje oer de Fryske taal.